



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE Wirdum Fr e.o. Himelfeartsdei 29 maaie 2014

Dautraapje

De wolken jeie elkoar nei lâns de himel, mar it is droech. En neffens de buierader sil it dat ek



mei om ûnderweis oer nei te tinken. It giet oer Himelfeart, ien fan dy bysûndere mominten yn



de skrale kâlde wyn waait ús út Swichum temjitte.

Swichum

By it tsjerkje yn Swichum wurde de earste gedachten útwiksele. Hjir wurdt ek it ferhaal ferteld fan twa muontsen – monniken – dy't op reis giene nei de ein fan 'e



wrâld. Dêr soe neffens âlde geskriften in plak wêze dêr't himel en ierde by elkoar komme. Nei in lange, gefaarlike reis mei in soad lijen en alderlei ferliedings dy't minsken fan har doel ôfhâlde kinne, fûnen se op it lêst wat se sochten. Se kloppen op 'e doar. Mei bevend hert seagen se hoe't dy iepengie. Doe't se nei binnen stapten die bliken, dat se thús yn harren kleastersel stiene. Moraal: it plak dêr 'himmel en ierde elkoar moetsje, is yn 'e wrâld, op it plak dat dy fan God jûn is.

Boarne en krêft

Corry Brouwer lêst in nije tekst – Krêft en tsjinkrêft, dan wurdt de kuier ferfolge. Oan de hân fan de tekst dy't lêzen is giet it petear – der kin no praat wurde - oer de fraach, wat dyn boarne is yn it libben en wêrst' krêft út hellest. Oan de ein fan de Swichumerdyk fiert de rûte lâns de maneezje oan de





Wergeasterdyk rjochting It Loo. Op it brechje oer de Wurdum-erfeart wurde op 'e nij gedachten útwiksele oer de meikrigen tekst. Dan bejouwe we ús nei it pleisterplak. Midden yn de greiden, sawat oardel kilometer benoarden Wurdum leit, omjûn roch beammen en in útdroege grêft, it ferfallen mar noch hieltyd ymposante Eysinga-hôf. Oant yn it lêst fan de achttjinde ieu stie hjir Juwsma State. De grêft deromhinne is in oerbliuwsel fan de âlde slotgrêft. De oerflakte fan it terrein liket net grut, mar Jousmastate wie in flink gebou mei mear as tsien keamers en seis kelders. Op dit

histoaryske plan steane ús wakkere diakens al te wachtsje mei breadsjes, kofje en tee; tiid foar

ribskoarjen. In geweldige service, dêr 't se alle kearen wer mei klearsteane.

Vele woningen

Yn de easthoeke fan it terrein hinget in grutte nêstkast mei ferskate iepenings. It ûntlokket ien fan de kuiers de opmerking: "Ek hjir hat it huis mijns Vaders vele woningen" (Joh. 14:2).



Pylgerseine

Foar it lêste ein fan de tocht nei Wurdum krije de ridders in pylgerseine mei.



Moarnsgebed

De measte kuierders rinne daliks troch nei tsjerke, guon oaren wippe noch even gau thús oan om jild foar de pong op te heljen. Binnen sit al in tal oare gemeenteleden yn de kapel, in smûke, yntime romte. Om healwei tsienen hjit âlderling fan tsjinst Corry Brouwer elkenien wolkom.



Blommen

Se docht daliks de meidielings ek mar. De blommen geane hjoed as groet fan ús gemeente nei mefrou G. Jongbloed-Hoekstra yn Nij Dekema te Weidum.

Lêzings

It iepeningsliet is: “*De Heer is Koning, Hij regeert altijd.*” Nei bemoedigjen en gebed lêst Hinke Meindersma út de Alde Testamint de ferzen 17-23 út de 1^e brief oan de Efeziërs. Tjitske Cnossen docht de 2^e lêzing, dy komt út Lukas 24: 49-53.

De lêzings wurde folge troch liet 150, de ferzen 1 en 2: “*Loof God, loof Hem overal.*”

Overdenking

In de overdenking staat de gelezen tekst uit Lucas centraal. Vlak voor de hemelvaart neemt Jezus afscheid van zijn leerlingen. Maar... hij laat

hen niet als wezen achter. Want Hij zegt: “En zie, Ik doe de belofte van mijn Vader op u komen”. Net als in Exodus de bode van de Heer het volk Israel in de woestijn begeleidt op hun weg uit de slavernij naar het beloofde land, staan de discipelen er in het evangelie ook niet alleen voor. Ze krijgen de belofte van de Heilige Geest, die met hen mee zal gaan op hun weg. Zo wordt het geen afscheid maar een nieuw begin. Als sterfelijke mensen zijn we onderweg. Je zou het leven één grote hemelvaart kunnen noemen. Onze weg is eindig, maar het geloof toont ons het perspectief van de hemel. We mogen leven onder de hemel van Gods zegen.

Nei in momint fan stilte sjonge wy Liet 663: “*Al heeft hij ons verlaten, Hij laat ons nooit alleen.*”

Kollektes

1e: diakonij

2e: tsjerklik wurk

Gebeden, slotliet en seine

Arie Dol giet foar yn gebed. We tankje foar it libben en it iten en drinken dat der alle dagen wer is. Fierder freegje we God om in bytsje himel foar alle minsken. Nei in momint fan stil gebed komme alle gebeden gear yn it Us Heit.



Oan de ein sjonge wy liet 886 : “*Abba, Vader, U alleen, U behoort ik toe.*”

Oan de ein fan de tsjinst bidde wy om de seine fan God.

Meiwurkers

Alderlingen en diakens.